

Cultuur

Film

Media

Boeken

Theater

Muziek

Beeldende

kunst

Agenda



Ut 'e argyfkast

In flater yn 'e krante, och, dat is it slimste net, moarn giet er dochts by it âld papier. Ja, tankje de koekoek. Sûnt er ek online ferskynt – en sûnt 1752 te rieplachtsjen! – is it in flater foar de ivichheid en kin er samar op oare plakken oernommen wurde. Ferbetterje dus. Mei tank oan de wekkere lêzers dy't my geweken namen doe't ik yn Harje (18-6) bewarde dat Johannes Schaafsma, ferline wike yn 'e âldens fan 92 jier ferstoarn, 'misschien wel de laatste medewerker' wie dy't noch op it Ryksargyf yn de âlde Kânselarij wurke hat. In mea culpa is op syn plak oan – in greep – Douwe de Vries, Arie-Pieter van Nienes, Pieter Nieuwland, Rinny Bouma, Sjoerd de Haan.

Wat ik eins skriuwe woe: Schaafsma wie de lêste meiwurker dy't noch ûnder ryksargivaris M. P. (Maria Petrus) van Buijtenen (1911-1997) wurke hie. Yn 1954 hie Van Buijtenen him oannommen as boekbinder anneks konserzje. Dat lêste hâlde ek it stoken fan de trije ferwaarmings-tsjettels yn en dêrom moast er de moarns om seis oere al begjinne. Neat net slim, fûn er, yn 'e iere moarn is de wrâld op syn moaist. Letter wurke er op it gemeenteargyf. By syn ôfskie yn 1991 neamde er syn Kânselarijierren de moaiste tiid. Hy krige der alderhanne putsjes by. Doe't der in donkere keamer kaam, reproducearre er argyffoto's foar besikers: 'it kopiearapparaat bestie noch net.'

Skatkeamer fan Fryslân: fan Kânselarij nei Tresoar

Wat âlder men wurdt, wat grutter it ferlet om te romanti-searjen fansels. Mar beide ynstellingen sieten elkoar doe al yn it paad. De ideeën oer wat in argyf wêze moast, wiene stadichoan feroare: yn de earste helte fan de tweintichste iuw waard it ferline dêr opburgen, inkeld nijsgjirrich foar in selekt publyk fan sneupers. Mar no moast it ferline ta libben brocht wurde, nei de minsken ta! Dêrfoar ûntbriek oan de Turfmerk de romte.

De Provinsjale Biblioteek ferhuze yn 1968 as earste nei nijbou oan de Bûterhoeke, it Ryksargyf krige yn 1976 in eigen nij gebou dernjonken. Foar it earst yn hûndert jier koe der mei eksposysjes útpakt wurde. De lûken gongen iepen. Fryske lûken wol te ferstean. Ryksargivaris Jaap Rinzema, dy't ek foarsitter fan de FNP wie, hie noch ear't de nije stavering yn 1980 fan krêft waard, 'Ryksargyf' op de gevel sette litten, 'mei de g dy't Frysk en Frânsk is yn stee fan de rocheljende Hollânske ch'. Under it logo mei in foto fan it nije troch arsjitekt Tauber ûntwurpen gebou klaptten meiwurkers mei in searje artikels yn dizze krante 'út de argyfkast' om it publyk op 'e smaak fan har wurk te bringen.

Stadichoan ripe it besef dat gearwurkjen mear fertuten docht as elk foar elk boartsje op 'e eigen eker. Yn 2002 joegen Provinsjale Biblioteek en Ryksargyf de eigen namme op en fusearren se mei it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum ta it Frysk Histoarysk en Letterkundich sintrum. Dichteres Baukje Wytsma betocht de namme foar dy unike Skatkeamer fan Fryslân: Tresoar. De lêste ryksargivaris Douwe de Vries waard de earste direkteur. Syn opfolger Bert Looper sette as in wiere kultureel ambassadeur de skatkeamer dêrnei ek figuerlik rûnom yn de etalazje. Oare moanne wurdt de namme fan syn opfolger bekend.

O ja, oer flaters sprutsen, neffens de *Nije Ensyklopedy fan Fryslân* hat Van Buijtenen steatelid fan de KVP west fan 1955 oant 1973. Mar hy wie al yn 1963 ferhuze nei Utert. Boarne: de LC fan 18-1-1997. De sjoernalist hie in tikflater makke...

pieterjan.de.groot@planet.nl

It wiene eck

Se wiene kreas fan uterlik, de measten koene goed leare en ek op it iis hearden se ta de bêsten. Mar der wie wat mei de trettjin bern fan Obbe en Sjutsje Postma fan de Sânfurderrypp. Broeder Dominicus Roelofs fan de Sint Jozefstichting yn Apeldoorn, dêr't fjouwer Postma's in grut part fan har libben trochbrochten, neamde se 'de familie Smart'.

Tekst Sietse de Vries



De ien sei fan harsels dat se it krigen hie 'ûnder it striken yn it âlde hûs', de oar soe 'him oer de kop leard' ha. Wat mear bern opnommen waarden, wat dúdlik waard dat it net fan it striken of it learen kaam, mar dat der in genetyske doem oer de trettjin broers en susters lei. Se makken diel út fan in 'zeer belaste familie'.

Fan de fjirtjin bern dy't Obbe Postma en Sjutsje Ydema op 'e wrâld setten – ien fan har stoar jong – is der mar ien trouw. Seis soannen waarden, doe't se in jier as tweintich wiene, opnommen yn in tehûs en soene dêr de rest fan har libben bliuwe. Trije oaren moasten sa no en dan foar koartere of langere tiid 'fuort'. Fan de oare fjouwer is Harm de iennichste dy't trouw is en bern krigen hat. It wie him noch net tafallen en fyn in frou, want elkenien yn 'e omkriten fan Blauhûs wist: de Postma's, dêr is wat mei.

Ien fan de beide dochters fan Harm, Mechtilde Postma, hat yn 'e mande mei skriuwer Goaitsen van der Vliet in boek makke oer har famylje: *De 13 fan Obbe Sjutsje*. It is in benearjend, mar ek yndrukwekkend portret wurden fan in famylje dêr't it needlot kear op kear ta-sloech.

Foarop it boek stiet in foto fan de hiele famylje. Obbe en Sjutsje sitte elk op in stoel, de trettjin bern steane en sitte derom hinne. Stik foar stik kreaze minsken, mar oan de manier wêrop't guon fan har yn 'e kamera sjogge is al goed te sjen dat „der wat mei is”. De jongsten – lytse Obe stoar yn 2016 op 98-

jierrige leeftyd – waarden diagnostisearre as 'skizofreen'; yn de tiid dat de oaren opnommen waarden hie de medyske stân dêr oare be-wurdigen foar.

BOEREFAMYLJE

Foarôfgeand oan de fyftjin ferhalen oer de âlden en de trettjin bern stiet ûnder foto's fan Obbe en Sjutsje: „Dit boek hie der net west, at yn it jier 1900 de Kubaarder boer Obbe Postma better harke hie nei de warskôging fan syn folle jongere styfneef Sible Andela, dy't yn Utrecht foar dokter learde: trouw nê't mei Sjutsje Ydema! Dy soe net goed yn oarder wêze en dat soe yn 'e famylje sitte.”

Obbe (1873-1961) sloech de goerie fan Sible yn 'e wyn. Sjutsje wie kreas en út in rike roomske boere-famylje. Dêr wiene der net safolle fan.

In echte menear, in bytsje def-tich, mei in moai grut burd, sa beskreaune minsken Obbe Postma oan pakesizzer Mechtilde. In fleurich man dy't der graach op út gie – hy reizge alle wiken nei de feemerk fan Snits, Boalsert en Ljouwert – en dy't it boerewurk leaver oan 'e bern oerliet.

Mei Sjutsje is de earste jierren noch net folle te rêden. Se krige – hast jier op jier – fjirtjin bern, mar pas by de lêste trije wie se echt 'yn 'e war'. Op har goede dagen wie se noch altyd in steatlike boerinne, fleurich ek en mei in soad geduld foar de bern, op oare dagen gie it faak hielendal mis. Neffens de ferhalen strunde se nachts op it tsjerkhôf fan Blauhûs om. Har heit en mem en oare famylje leine dêr.

As bern thús fertelden dat se in





“It ferhaal gie dat er him ‘oer de kop leard hie’

Obbe en Sjutsje mei harren trettjin bern foar it weinhok achter de Tempelpleats yn 'e Sânfurdterryp, by gelegenheid fan harren sulveren brulloft yn it foarjier fan 1926. Achter oan: Jappy (19), Gatske (17), Yeb (21), Súske (14), Rudolf (15), Bertus (20), Harm (22) en Gryt (13). Foar oan: Tsjerkje (23), Obbe (52), Iytse Obe (8), Bonne (11), Sjutsje (50), Sjoerd (24) en Dreke (12).

frou troch de lannen fan De Ryp doarmjen sjoen hiene, wist men meast wol genôch: „Dat sil Obbe Sjutsje wol wêze.”

Ek by jûntiid rûn se gauris troch it lân, op wei nei de Brek. Ien fan de meiwurkers oan it boek seit dêroer: „Se ha Sjutsje faak by de Brek weihele moatten. Dan woe se har ferdrinke.” Ek troffen buorlju har wol oan as se moarns om healwei fiven yn nachtklean en mei bleate fuotten op 'e ein fan de mjuksplanke stie.

Oan ien fan dy nachtlke aventoeren hâldt se in swiere longûntstekking oer. Dy wurdt har fataal. Op it troch pastoar Engbers makke bidprintsje stiet: „De dood is beter dan een bitter leven en de eeuwige rust beter dan een voortdurende ziekelijkheid.”

HEECHSENSITYF

Fan de bern wurdt, doe't se noch lyts wiene, sein dat se altyd like leaf en aardich wiene en noait rûzje makken. Tûk en sêft, sa wurde se beskreaun, altyd rekken hâldend mei in oar. Noait: „Gean dêr wei, dêr sit ik.” Mar: „O, woesto dêr sitte?” Hjoeddedei soe it stimpel 'heechsensityf' der miskien op plakt wêze.

Sjoerd (1902-1963) wie de âldste. Op de famyljefoto is er de iennichste dy't laket. Wat noch mear as it glimke om 'e lippen opfalt is it wylde hier en de nuvere, riedselachtige útdrukking op syn gesicht.

Sjoerd koe goed leare, krige by it slagjen foar de HBS yn 1920 sels in earepriis útrikt. Hy giet nei Utert om dêr ta feedokter te learen. It earste jier moat der noch net folle te rêden west ha. Hy is lid fan in

studinteferiening, syn propadeuze hellet er yn twa kear. Mar dan giet it mis. Op syn diploma stiet wol de hantekening fan de rektor-magnifikus, mar net dy fan Sjoerd. Hy hat nei alle gedachten al net mear by steat west om sels it diploma yn ûntfangst te nimmen.

It ferhaal gie dat er him 'oer de kop leard hie'. In jier nei it heljen fan syn propedeuze, op 18 jannewaris 1923 waard er opnommen yn it Sint Servatiusgesticht yn Venray. Hy is dêr tsien moanne, dan giet er werom nei de Sânfurdterryp.

Dêr is er oant syn 36ste bleaun. Oer hoe't er al dy jierren west hat en wat er die, is neat bekend. In buorfamke seach him in kear op it hiem. „Ik sei tsjin mem: 'Dêr stiet in Jezus'. It wie sa'n moaie man. Krekt as ús 'heiligartbeeld'. Mei in burd fan moai krollich hier... Ik fûn it sokke kreaze keardels allegear. It wiene echte menearen. Je seagen net sa faak in menear.”

Hy sweefde geregeld yn de lannen by De Tempel om – de namme fan de âlderlike pleats – soms koe er, troch ûnferwachts op te dûken, foarbygongers aardich kjel meitsje. Op in stuit is er thús net mear te hanthavenjen en wurdt er foar in twadde kear opnommen yn Venray. Dat wie yn 1938. De rest fan syn libben – hy stoar yn 1963 – soe er yn ynrjochtingen trochbringe.

HEECHSTE SIFERS

Ek Jappy (1907-1952) rûn, krekt as as syn âldere broer, oer fan it talint. Yn de tredde klasse fan it gymnasium hat er fan alle learlingen yn syn klas de heechste sifers. In jonge dus oer wa't de minsken – as er net ien fan Obbe Sjutsje west hie – sein

hiene: dy sil it noch fier skoppe.

Noch gjin jier letter giet it mis. In senuwdokter yn Den Bosch skriuwt dat Jappy „zeer zenuwachtig en overspannen is, dat hij in ieder geval een jaar rust moet nemen en liefst lichte landarbeid moet verrichten”.

Oant syn 24ste wennet er yn de Sânfurdterryp, dan wurdt er opnommen yn de Sint Jozefstichting yn Apeldoorn. Dêr sil er oant syn dea yn 1952 bliuwe. Op it bidprintsje stiet: „God heeft hem in zijn leven zeer zwaar beproefd. Wat hij geleden heeft, is in het oog van de mensen het ergste.”

Rudolf (1911-1995) sil sa'n grutte learder net west ha, hy kaam nei de legere skoalle op 'e buorkerij te wurkjen. Hy is de iennichste fan de broers dy't yn militêre tsjinst west hat. Yn syn tiid as soldaat is der noch neat mei him te rêden. Frij gau dêrnei moat it misgjen wêze. It boerewurk hie er gjin nocht mear oan en hy begûn yn himsels te praten.

Op redens wie er net by te hâlden en hy wie sa sterk as in dyk. Bern út 'e omkriten wiene bang foar Rudolf. Hy gie wol gauris achter in hikke sitten en dan dûkte er soms samar op. „Dan gong er stean, wij skrokken dan, fan syn hiele ferskinning. Hij seach der suver luguber út, mei in heel lang swart burd. En dan makke er rare lûden.”

Yn 1950 – hy is 39 jier – is it nefens hûsdokter en famylje net mear ferantwurde dat Rudolf thús bliuwt. „Om reden fan onrust in 't gezin en dreigende kwaadaardigheid”, skriuwt styfomke en dokter Sible Andela yn syn advys oan de kantonrjochter.

Ek Rudolf bringt de rest fan libben troch yn de Sint Jozefstichting yn Apeldoorn.

ALDE HEITEN

Wat opfalt is dat allinne seis broers foargoed opnommen wurde. De fiif susters komme der better foarwei, al moatte in pear fan har sa no en dan wol in pear moanne 'fuort'. Broer Bonne hat noait 'fuort' west, mar in aparteling wie er wol. Meane die er soms midden yn 'e nacht en der wie gjin buorman mei wa't er net yn tsjok waar wie.

Yn ien fan de lêste haadstikken geane de skriuwers fan *De 13 fan Obbe Sjutsje* op syk nei de oarsaken fan de famyljesykte. Dêrút komt nei foaren dat de kwaal by de pake en beppe fan Sjutsje weikomt. Opmerklik is dat in broer fan dy pake trouw is mei in suster fan de beppe fan Sjutsje. Genetysk moatte de bern fan dy beide echtpearen op deselde manier belêste wêze, soe men sizze.

Dat skizofreny yn it iene neiteam faak de kop opsteekt en yn de oare heechst selden soe neffens de skriuwers te meitsjen hawwe kinne mei de leeftyd fan de heiten. „Undersiken wize út, dat bern fan in âldere heit mear mutaasjes yn harren DNA hawwe en dêrom mear kâns op kwetsberens foar skizofreny ha as bern fan in jongere heit.”

As dat wier is – de skriuwers jouwe dat it om ferûnderstellingen sûnder wittenskiplik bewiis giet – is it net allinne Sjutsje mar mooglik ek de kombinaasje Obbe-Sjutsje dy't sa min útpakt hat foar de bern: by de berte fan Obbe wie syn heit 56 jier.



Titel De 13 fan Obbe Sjutsje
Skriuwers Mechtilde Postma en Goaitsen van der Vliet
Utjouwer Utjouwerij De Ryp
Priis 24,95 euro (200 siden)